

# DOARPSNIJS

Nûmer 478

novimber 2023

# KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjeft fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

## De redaksje:

Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Hedwig Beukens	Hege Bouwen 2a	572278
Annie de Kleine	Lyklamawei 34	571364
Jantsje Akkerman	Lyklamawei 27	571889
Coby Hospes	Lyklamawei 23	06 41696781
Rianne Witteveen	Wytlangsdykje 10	yllustrator
Sjoukje Kramer	Wisseebuurt 12	yn elkoarsetter

E-mailadres: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)

Website: [www.nijemardum.nl](http://www.nijemardum.nl)



## It bestjoer fan Doarpsbelang:

Paul Rienstra (voorz)	Lyklamawei 39	571652
Jellie Zijlstra (secr)	Lyklamawei 4	0654612587
<u><a href="mailto:Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com">Dorpsbelangnijemirdum@gmail.com</a></u>		
Tom Wezepoel	Lyklamawei 55	0620275676
	(penningmeester, bankrek. NL30RABO0305244159)	
Froukje Prins	Hege Bouwen 16	593776
Thys Laffra	Omrin 4	571551
Tiny Wildschut	Lyklamawei 16	571619
Mieke Koot	Lyklamawei 36	0654238830

E-mailadres buertplysje:

Wykbeheاردer gemeente:

[patrick.bottinga@politie.nl](mailto:patrick.bottinga@politie.nl) of [www.politie.nl](http://www.politie.nl)  
[r.zijlstra@defryskemarren.nl](mailto:r.zijlstra@defryskemarren.nl), [0620548535](tel:0620548535) of  
[www.defryskemarren.nl/melding](http://www.defryskemarren.nl/melding)

## FAN DE REDAKSJE

Ofrûne wike kriegen wy op ús gearkomste in fear yn ‘e kont en ek in hearlik gebakje fan it bestjoer fan Doarpsbelang. De foarsitter neamde it bysûnder dat ús Doarpsnijs al mear as fjirtich jier hast elke moanne ferskynt mei nijs út Nijemardum.

Hoe hâldt de redaksje dat fol?

Wiepkje hat jierrenlang yn har slachterij hiel wat minsken moet, dy’t har fan alles tabetrouden.. en dat is noait opholden. Ek net no’t sy de messen net mear skerp hat.

It oare Pietersma-famke wennet ticht by skoalle. No, dêr wurdt ek hiel wat bepraten hear. Coby leit gauris achter de haach mei pin en papier yn ‘e hân.

Jantsje krijt dêr ek in soad fan mei. Sy hat it sicht ek noch op de brievebus en wit krekt wa’t mei of sûnder hûn it Skelpepaadsje yngiet. Dy hûnen binne altyd leaf, mar dy stront... dat is minder.



Hedwig har bern sitte op de basisskoalle yn Nijemardum. Ja fansels, wêr oars, soe men sizze. No.. guon âlders tinke dêr tsjintwurdich wolris oars oer.. Spitich.. spitich. De skrandere Beukensbern úntgiet nikks op skoalle en op sport. Bern nimme in soad op. Neist harren Garant-saak en de húshâlding wurket Hedwig yn ‘e soarch en dêr komt men ek fan alles tsjin. Alle dagen bart der dus hiel wat yn it libben fan dizze fjouwer froulju. Dat is nijs.

De redaksjegearkomsten binne altyd tige gesellich... Wy behannelje de fêste ûnderdielen sa as it fotoriedsel, de poppen dy’t berne binne en wa binne ferhuze of hij ynkommen? Ek de (âld) doarpsgenoaten dy’t stoarn binne betinke wy. De ynviews mei de doarpsgenoaten freegje in soad ynspanning fan de redaksje.

Wa't dat net opbringe kin, docht wol wat oars. We stinne in skoftke oer de nije siswize, dêr't Rianne in prachtige yllustraasje by makket. Dan is der ek altyd de ynkomenen kopy fan it doarpshûs, de skoalle en de tsjerke. De kollektes dy't holden wurde en oare aksjes lykas de oaljekoekebakkerij kinne oankundige wurde.

De feestkommisje en alle ferienigingen fan Nijemardum kinne harren nijs ek kwyt yn ús blêd.

Mar sy moatte ús dat wol tastjoere! Dat jildt ek foar alle doarpsgenoaten èn foar ús sponsoaren, dy't miskien wol wat fertelle wolle oer harren bestean. Dwaan hear!

As alles op papier stiet, makket Sjoukje der mei moaie foto's in prachtich boekje fan.

Annie mei graach skriuwe foar it Doarpsnijs en is tige benijd nei jimme reaksje.

*De redaksje*

## SNACKAVOND

Op de laatste vrijdagen van de maand is het Doarpshûs vanaf 17.00 uur weer open voor het bestellen en/of afhalen van diverse snacks.

tel. 0514-571 428

Schrijf het maar in je agenda:

vrijdag 29 december

vrijdag 26 januari



## **JAARWISSELING**

Het lijkt nog ver weg, maar voor je het weet is het zover.

Het bestuur van Dorpsbelang heeft besloten om wederom op een centrale plek vuurwerk af te steken.

Dit zal zijn op 31 december a.s. om klokslag 00.00 uur bij Laurens en Tiny Wildschut aan de Lyklamawei 16.

Hier hopen we zodoende op een leuke manier afscheid te nemen van 2023 en 2024 te begroeten.

Hierna bent u dan nog in de gelegenheid om in het dorpshuis gezamenlijk een drankje te drinken en gezellig samen te zijn.

Vuurwerk is redelijk duur en daarom vragen wij om een bijdrage.

Wilt u financieel bijdragen aan dit vuurwerk dan kunt u dit doen door een bedrag te storten op NL30 RABO 0305 2441 59 t.n.v. Dorpsbelang Nijemirdum.

Ook op de avond zelf wordt u in de gelegenheid gesteld om een bijdrage te storten d.m.v. QR-code of contant.

*Bestuur Dorpsbelang*



## **LEDENVERGADERING DORPSBELANG**

De ledenvergadering van dorpsbelang wordt gehouden op woensdag 31 januari 2024.

Bij dezen alvast van harte uitgenodigd.

*Bestuur Dorpsbelang*

## **KLAVERJASTOERNOOI VAN NIJEMARDUM**

Doarpshus Nijemardum organiseert het klaverjastoernooi op:

Woensdag 27 december

We spelen in 7 ronden om mooie vleesprijzen en natuurlijk de wisselbeker.

Inloop vanaf 14.00 uur

Aanvang: 14.30 uur

Einde ca. 22.30 uur

Kosten € 20,- pp

(Koffie, koek en warme maaltijd)



Opgave:

*Hendrik Postma 06-1560 1464 [hendrik@buma.com](mailto:hendrik@buma.com)*

*Wiebren Hoekstra 06-1885 4056 [hoekstraww@gmail.com](mailto:hoekstraww@gmail.com)*

## **INFORMATIE VANUIT HET DORPSHUIS**

Het jaar is bijna weer ten einde. Oudjaarsnacht vanaf 00.15 uur is het dorpshuis open om met elkaar het nieuwe jaar in te luiden. Dit alles met een borrel en muziek. Kom gerust het wordt een gezellige nacht.

En nieuwjaarsdag vanaf 16:00 uur is het dorpshuis weer open. Dan is er de mogelijkheid om te snacken zodat je zelf niet hoeft te koken.

Op 3 februari 2024 komt Scaramouche spelen met rockclassics uit de jaren 60, 70 en 80, maar ook bekende nummers van nu. Al met al een avond die je niet wilt missen. Zet hem alvast in je agenda.

## HET SLIMSTE DORP VAN GAASTERLAND

Wie wil er nu geen eeuwige roem vergaren?  
Nu, die kans krijgen alle inwoners van  
Nijemirdum binnenkort want wat is er aan de  
hand?

Het dorpsbelang van Wyckel is op het idee  
gekomen om via een wedstrijd uit te vogelen  
welk dorp het slimste dorp van Gaasterland  
is.

Bekend is al dat veel omliggende dorpen met  
een team mee gaan doen en dan kunnen wij  
zeker niet achterblijven.

Alleen, het initiatief is aan jullie, inwoners  
van Nijemirdum.

Wat is de bedoeling?

Als je dit stukje hebt gelezen ga dan meteen nadenken wie je zou kunnen vragen  
om in een team van maximaal 5 personen in eerste instantie mee te doen aan de  
voorronde.

Dit kunnen leden van het gezin zijn, buren, je buurt, vrienden, familie, kennissen  
wat je maar wilt.

In eerste instantie hebben we 6 januari 2024 om 20.00 uur als datum om de  
voorronde te houden.

Kan je op deze datum niet, geef je dan toch op want misschien kunnen we  
schuiven met de datum.

Wordt je winnaar van de voorronde dan ga je met je team namens Nijemirdum  
meedoen met de finale op **vrijdagavond 23 februari 2024**.

Ook als je geen team kunt vormen kan je je opgeven. Van de losse opgaves  
kunnen we dan alsnog één of meerdere teams maken.

Opgave kan via onze e-mail [dorpsbelang@nijemirdum.nl](mailto:dorpsbelang@nijemirdum.nl) en wel tot 15 december  
a.s.

Het zou toch wat zijn dat we ons vanaf 23 februari a.s. het slimste dorp van  
Gaasterland mogen noemen?

*Bestuur Dorpsbelang*



## IT HIMD FAN IT GAT



Guido Schreur wennet al dik oardel jier mei Reinate Donath foar ús oer en wy groetsje elkoar wol, mar ik hie noch nea mei him praten. Hy is wolris op harren hiem oan it skarreljen en sadwaande rekken wy fan 't simmer al in kear yn petear. Ik koe it

net litte om him te freegjen wat hy fan ús Doarpsnijs fún. Hy wie der goed oer te sprekken en ja, dan is de stap om him foar "It Himd" te noegjen net sa grut. Ik mei op in middei oankomme yn it hûs op nûmer 59, dêr't ik in heale ieuw lyn wol gauris delstruts, omdat freonen fan ús dêr wennen. Wat is it hjir feroare! Moai hear. Guido lit my foto's sjen fan de lêste ferbouwing en is benijd nei de skiednis fan dit âlde hûs.

Reinate stiet daliks mei kofje klear en dan hoech ik allinnich mar te lústerjen, want Guido set daliks útein oer syn jonge jierren. En oer de goede bân dy't hy mei syn heit hie, dy't op 1 septimber 2006 samar ferstoarn is. Hy is mar 55 jier wurden.

Moannen letter, yn desimber 2006, waard der in poppe berne. Guido waard heit fan in soan! In prachtich jonkje, dat yn 2008 it pronkje wie op de trouwerij fan syn heit en mem. Spitiġernôch koe dat houlik it net hâlde. De gefolgen fan de skieding gripe djip yn. Guido fynt it dreech om der mei om te gean, benammen omdat hy al dik 2 jier gjin kontakt mear mei syn soan hat..... mar gelokkich is de komst fan Reinate yn syn libben in boppeslach!

Ik ha allang in twadde bakje foar my en no moatte wy dochs wier mei myn fragen aan 'e gong hear!

### **Wêr bisto berne?**

Op 'e Jouwer op 17 novimber 1978.

### **Watfoar oplieding hasto dien?**

Nei de basisskoalle ha ik 3 jier Mavo dien en doe nei it S.B.O. yn 't Hearrenfean foar de opleding "Koken en Serveren".

## **Do woest yn de hoareka aan it wark.**

Dat wie earst de bedoeling, mar ik fielde my dêr net op myn plak en ha al gau wat oars socht. Ik fûn wark yn de metaalyndustry en ha my letter opjûn foar Beropsmilitair. Yn maart 1998 bin ik oan de Militaire Oplieding yn Stienwyk begûn.

Nei de funksjeoplieding yn Oldenbroek kaam ik yn desimber fan datsele jier by de "Parate Eenheid" yn Seedorf yn Dútslân by de Artillery.


## **Ik sjoch wolris promo-filmkes fan definsje op t.v. Pittich... en gjin oplieding foar "softy's" liket my?**

Je lichem èn geast wurde traind om as militair je wark te dwaan yn swiere omstannichheden. Hiel wichtich dêrby is dat je folhâlde moatte, ek al gean je letterlik en figuerlik kopke-ûnder.

Nea opjaan dus. Soks is nedich, benammen as men útstjoerd wurdt.

## **Do bist útstjoerd?**

Yn 1999 moast ik nei Kosovo. Dat wie in "provinsje" fan wat earder Joegoslavië wie. Yn dy tiid woenen ferskate folken dy't dêr wennen



ûnôfhinklik wurde en mear rjochten ha en yn vrijheid harren eigen taal en kultuer bewarje. Oeral wêrt soks spilet, ûntsteane grutte spanningen tusken befolkingsgroepen èn harren lieders. It waard úteinlik in katastrôfe en de Navo frege ek oan ús lân, om helptroepen yn dat gebiet yn te setten.

Guido fertelt en lit in hiel soad foto's sjen fan syn misje nei Kosovo. Bygelyks fan de fjilden dêr't lânminen leinen. Foar syn ynspanning as militair hat hy ek underskiedingen krigen en dêr is hy grutsk op. Ik bewûnderje dy. By al dy "medaljes" hearre offisjele oarkonden, dêr't melding yn makke wurdt fan de prestaasjes fan Guido. Oant septimber 2006 is hy beropsmilitair bleaun.

## **Doe hiest dyn noct?**

As militair kin men foar langere tiid fuort moatte. Ik hie al in skoft in relaasje en wy woenen graach mear by elkoar wêze. Yn febrewaris 2007 bin ik by Justysje yn de Marwei yn Ljouwert oan it wark gien by de befeiligung.

## **Watfoar wukr dochsto no?**

Ik wukrje al sùnt 2008 by de Penitinsjère Ynrjochting yn Lelystêd. Dêr ferbliuwe in dikke 500 manlu, dy't feroardiele binne ta in finzenisstraf. Ik begelied in groep



fan harren yn har deistich bestean. Dat is opsetten mei in hiel dûdlike struktuer. It ferbliuw yn de sel wurdt ôfwiksele mei û.o. dûse, wukr, sport, luchtsjen en út en troch it krijen fan besite. Alles wurdt op de minút ôf regele. As dat goed giet folget letter de tarieding op it weromkearen yn 'e maatskippij.

## **Hast ek hobby's?**

Auto's! Benammen de spesjale útfiering fan in V.W. Golf GTI. Ik ha der nocth oan om dy sa op te knappen, dat sy wer yn orisjinele, goede staat binne. Us heit fûn dat ek moai.

Ik krije in foto te sjen fan in bysûndere Golf dy't hy earder hie mei in buordsje derop: Limited LTD.ED.

042. Guido syn eagen beginne te glimkjen: "Prachtich toch?". Spitiġernôch is hy dy auto troch de skieding kwytrekke, mar gelokkich hat hy noch wol 2 moaie, klassike VW's, dy't hy koesteret. By moai waar makket hy der, sa grutsk as in prins, ritjes mei troch ús prachtige Súdwesthoeke.

## **Dy binne ek djoer tink?**

Ja, as sy yn goede kondysje binne, wol.

## **Do hast yn it ferline in oplieding derfoar folge, mar kôkestó no wolris iten?**

Faak genôch. Dat is einliks ek wol in hobby fan my. Wy ha ek in "Green Egg" oanskaft. Dat is in keramyske bbq dêr't je bûtendoar hiel lekkere dingen op meitsje kinne. Húshâldlik wukr mei ik ek graach dwaan: alles lekker opromje en skjin hâlde.

## **Sjogge jimme nei de t.v.?**

Neist it nijs en aktualiteit, sjoch ik graach nei "Kamp van Koningsbrugge" en de spannende reportaazjes fan Ewout Genemans fyn ik moai. Wy ha ek Netflix.

## **Hokke muzyk hâldsto fan?**

Ik folgje de hiele Top 2000. It nûmer "We fly so close" fan Phil Collins hat in spesjale betsutting foar my. Dat is in soad brûkt foar in filmke fan de einoefening foar de útstjoering nei Kosovo; de Hard Rock fan bygelyks AC/DC, Metallica en ek fan Rammstein, dy't syn optreden ta in grut spektakel mei

fjoerwurk makket, fyn ik ek geweldich. Syn konsert ôfrûne simmer yn Grins woe ik fansels net misse.

### **Hasto tiid en nocht om te lêzen?**

Guido hat wol wat ynformative boeken lizzen fan in Marinier, mar jout himsels gjin tiid om in soad te lêzen.

### **Folgest de Polityk? Ynkoarten meie wy ús stim wer útbring ..**

Migraasje is al lang in “hot item”. Yn myn wurk ha ik alle dagen te dwaan mei detinearden dy’t foar fierwei it grutste part net yn ús lân wêze meie. Sy binne hjir yllegal. Ik hoopje dat de polityk de eagen net slute sil foar dit grutte probleem, dat net allinnich in soad jild kostet, mar wier sa gau mooglik oplost wurde moat.

### **Wat fynst fan Nijemardum?**

In freonlik en rêtstich doarp yn in hiel moaie omjouwing.

### **Ha jimme al sosjale kontakten?**

Wy binne al yn ‘e kunde kommen mei ferskate buorlu en ek mei freonen op ‘e Lemmer dêrt wy ek goed mei prate kinne. Dat liket dus goed.

### **Wat fynst fan it Doarpsnijs?**

Wy lêze it altyd en bliuwe sa op ‘e hichte fan wat der hjir geande is.

### **Geane jimme mei fakânsje?**

Koartlyn ha wy mei de Golf R 32 in rûnreis makke troch de Benelux en in part fan Dútslân. Allegear moaie dingen besjoen. Oernachte yn B&B's en hotels èn hearlik iten.

### **Hasto winsken?**

Ik hoopje dat wy sûn bliuwe meie en fierder ha ik gjin grutte winsken.

### **Woest noch wat kwyt oan ús doarpsgenoaten?**

Genietsje allegear mar goed fan alles wat jimme ha.

As ik oeren letter de dyk wer oerstek nei hûs, sit de holle my fol...

Wat hat dizze, noch jonge man al in soad meimakke yn syn libben. Op syn tweintichste al útstjoerd nei Kosovo. Miskien wist hy net iens wêr't it lei... De rauwe, wrede kant fan it bestean hat hy dêr letterlik sjoen en field. “De kop altyd omheech hâlde, nea opjaan” is it devys, mar slagget soks? Hat de ynset fan safolle minsken holpen om rêt en frede te bringen op plakken dêr't soks safier fuort is? Ik hoopje fan herte dat it hûs op de Lyklamawei yn Nijemardum foar Guido mei syn Reinate innoflik nêst wêze sil.

*Annie*

## OP REIS MET BUURT'SOARCH' OP PAAD

Sinds enkele jaren is er jaarlijks een verzorgde bootvakantie met de boot Prins Willem Alexander. De reis wordt georganiseerd en verzorgd door vrijwilligers van stichting Buurt'soarch' op paad. Sinds 2021 is het een stichting en nu is ook de ANBI status ook toegekend. De vakantie is voor gasten die anders niet meer zonder zorg op vakantie kunnen gaan of samen met de mantelzorger er even op uit kunnen gaan.



De bootreis duurt 6 dagen en er wordt een route door Nederland gevaren. In de ochtend genieten van het veranderende landschap wat voorbij komt en al varend naar de volgende ligplaats. In de middag is er nog genoeg tijd over om aan wal te gaan. Onder begeleiding van vrijwilligers kunnen de gasten, indien nodig met de rolstoel, in de stad of dorp gaan bekijken. Een stadswandeling met een gids, een museum bezoeken, wandelen in een park of ontspannen winkelen met een terras als afsluiter zijn mogelijkheden. In de avond is er ook een programma met muziek, bingo, dansen of film. Gasten hoeven niet mee te doen, het is maar net waar je van houdt. Deze week draait het om de gasten en ze worden heerlijk verwent.

Voor dit alles wordt wel een bijdrage gevraagd. De reissom van de gasten wordt aangevuld met subsidies- donatie- acties. Dit geld is o.a. de PWA te "vullen" met de goederen die mee moeten, zoals voeding, hulpmiddelen, linnengoed enz. en natuurlijk voor de huur van de boot met de bemanning. De financiën en de inzet van de vrijwilligers maken er ieder jaar weer een onvergetelijke week van, voor zowel de gasten als de vrijwilligers.

Jullie kunnen het nalezen op de website:  
[buurt'soarch' op paad](http://buurt'soarch' op paad)

Als u 'Vriend' van onze Stichting wilt worden zouden we het erg op prijs stellen, maar u mag ook éénmalig een donatie geven.

Dit kan via de website of via het banknummer  
NL62 RABO 0315184434

Bij vragen kunt u ons ook mailen:  
[bsoppaad@gmail.com](mailto:bsoppaad@gmail.com)

met vriendelijke groeten,

*Tiertje Hospes*

*Botsy Stegenga*

*Klarie Boschma*

*Hinke de Vries*



## **SPONSOREN**

Mede door de steun van een groot aantal sponsoren krijgt u elke maand het Doarpsnijs in de bus.

We zijn erg blij met deze sponsoren en willen hen dan ook hartelijk danken voor hun bijdrage waardoor dit Doarpsnijs mogelijk is.

Nog blijer worden we van het feit dat we afgelopen maand 4 nieuwe sponsoren hebben kunnen bijschrijven.

Dit zijn:

*Kim van den Brom - Total Support For Marine*

*Gebroeders Postma - BHP Funderingstechniek*

*Ilse Wezepoel - Snuffelplezier*

*Mieke Koot - Generatiethuis*

De complete lijst van sponsoren vindt u elders in dit blad.

Nogmaals, dank aan alle sponsoren!!

*Dorpsbelang*

## WER IS DIT?

It is hast in riedsel yn in riedsel “zoek de verschillen” mar de sinnewizer fan foarige moanne stiet op it hiem by de fam. Grouwstra op Nij Amerika 22.

In oanwizing is de swarte swan op de foargrûn fan de foto.

Neffens my binne dy hjir yn Nijemardum allinnich by de Grouwstra’s te finen.

Yn de maitiid ha de swannen faak fan dy moaie lytse pykjies dy’t net swart mar griis binne.

De droege woarst giet diskear ek nei Nij-Amerika en wol nei Otze Folkertsma!



Wêr binne wy no ?

Belje gau nei nr. 571889

Of mail nei :

Redaksje.doarpsnijs@gmail.com

Jantsje

## HET LICHT GAAT (BIJNA) FELLER BRANDEN

Voor de zomer hebben we u al een update gegeven omtrent de stroomproblematiek. Een probleem welke helaas niet alleen hier speelt maar in vrijwel heel Nederland.

Nu kunnen we u mededelen dat er weer wat stappen zijn gemaakt. Het bestaande energie verdeelstation aan het Wytlangsdykje zal worden vervangen voor een nieuw model. Deze stamt nog van voor 1950. Weet u nog, de tijd van de gaslantaarns.

Daarnaast zullen er twee extra verdeelstations worden geplaatst, om ons te kunnen voorzien in onze dagelijkse energiebehoefte. In Sondel zal een extra zwaarder station worden geplaatst, waar vandaan eventueel later (makkelijker) uitbreidingen kunnen worden gerealiseerd.



Dit alles is niet in een dag geregeld. De levertijden van materiaal zijn fors en daarnaast is er ook krapte in de personele bezetting. Maar men werkt met man en macht om voor ons het energienet te verzwaren. Zoals het nu lijkt zal het helaas pas najaar 2024 allemaal gerealiseerd moeten zijn.

Graag willen we bij deze ook de dorpsgenoten die hebben bijgedragen aan de plaatsbepaling van de nieuw te plaatsen verdeelstation en het beschikbaar stellen van de benodigde grond hartelijk bedanken.

Zodra we meer nieuws hebben, zullen we u hierover weer informeren.

*Het Dorpsbelang*

## OALJEKOENBAKKERIJ OP SNEON 30 DESIMBER

Ja, jinne lêze it goed! Wy sille wer oaljekoeken bakke, sa as jim fan ús wend binne. **Mar net op Aldjiersdei;** wy kieze derfoar om se in dei **earder** te bakken, **op sneon 30 desimber.** De hiele moarn kinne jim se wer op it fertroude adres helje: efter de eardere slachterij **op Lyklamawei 49.**

Wy hoopje dat wy ûngefear 1 oere middeis de boel wer skjinmeitsje kinne, dus graach fan te foaren ophelje. Dat mei wol fanôf 8 oere moarns, dan binne de earsten wol klear.

Oer it goede doel wiene wy it ditkear gau iens: it jild is foar de boatreis dy' t Buurt 'soarch' elk jier organisearret. Minsken dy' t net mear op fakânsje kinne omdat se safolle soarch nedich ha, meie mei de boat mei. De soarchmeiwurkers binne allegear bekend dus dat fielt fertroud. Fansels betelje se wol in eigen bijdrage, mar dêr kin net alles fan betelle wurde. De boat allinnich al kostet € 38.000.

Yn dit krantsje stiet mear ynformaasje oer dizze stichting en der is ek in webside fan: [Stichtingbuurtsoarchoppaad.nl](#)

It is wol handich om se yn it foar te bestellen. Dat kin mei ûndersteand strookje yn de brievebus fan ien fan ús te goaien of troch efkes in appke of tillefoantsje. Graach foar **23 desimber.**

Oh ja, de priis is krekt as foarich jier: 10 foar € 7,50.

### It oaljekoekenkommittee:

Boake Pietersma, Hege Bouwen 1, tillofoannûmer: 0610649194

Freark Pietersma, Jac. Boomsmastr. 25b, Sondel, tillofoannûmer: 0651928277

Wieger Pietersma, Lyklamawei 61, tillofoannûmer: 0630431946

Wiekje Holtrop, Lyklamawei 49, tillofoannûmer: 0610547123

Coby Hospes, Lyklamawei 23, tillofoannûmer: 0641696781

---

Namme: .....

wol graach.....oaljekoeken mei rezinen/ krinten

Of.....oaljekoeken súnder rezinen/ krinten

Ik helje se sels wol / net foar 13.00 oere op.

Mocht it heljen net slagje, dan skeakelje wy de besoarchtsjinst yn.

**Nei de pakjes-jûn  
bedarret ús kabinet  
yn de sek fan  
Sinterklaas**



Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Vakantiewoningen en groepsaccommodatie
Bauke en Hedwig Beukens	Garant Zaden
Bed & Breakfast Lyklamastate	Kamers en appartementen
Kim van den Brom	Total Support For Marine
Jan Buma	Buma Handel
Ortwin Dellevoet	Lopifit Gaasterland
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Runia Fourage BV	Veevoeders
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Atze Hoekstra	Douwe Hoekstra kraanverhuur en transport
Tryntsje de Jong-Rienstra	Kapsalon Tryntsje
Mieke Koot	Generatiethuis
Koen Maronier	Yacht Power BV
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Gebroeders Postma	BHP Funderingstechniek
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	Kniphúske kapsalon en nagelstudio
Jan-Dirk van der Tol	Feedtuber B.V.
Runia Transport Nijemirdum	Transportbedrijf
Ruerd Vellinga	Vellinga werkschoenen en -kleding
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum
Ilse Wezepoel	Snuffelplezier
Rianne Witteveen	Dsign & printmkr


De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

**DUOFYTS RESERVEARJE:**

Dat kinne jo melde by Wiepkje Holtrop 06-10547123

**INZAMELINGSPUNTEN:**

Wat:	Waar:	t.b.v.:
Plastic doppen van flessen, tubes, potten en bussen	Fam. Strampel, Heaburgen 1	KNGF blindegeleide-honden.
Inkt-cartridges, toners en oude mobieljes	Fam. Hoekstra, Hoitebuorren 18a	Stichting Kinderhulp Oeganda
Metalen/blikjes/doppen / deksels/ spuitbussen	Fam. Rienstra, Omrin 14	STOPhersentumoren.nl
Postzegels en kaarten	Fam. Stoker, Hoitebuorren 6A	Stichting Cystic Fibrosis



## AGINDA

27 desimber	klaverjastoernoai yn it doarpshûs	14.30 oere
29 desimber	snackjûn doarpshûs	
30 desimber	oaljekoekenbakkerij	
31 desimber	ôfstekken fjoerwurk op Lyklamawei 16	24.00 oere
1 jannewaris	nijjierswinskje yn it doarpshûs	00.15 oere
6 jannewaris	meidwaan oan “it slimste dorp”	20.00 oere
12 jannewaris	frijwilligersjûn	20.00 oere
26 jannewaris	snackjûn doarpshûs	
31 jannewaris	ledegearkomste doarpsbelang	20.00 oere
3 febrewaris	rockband Scaramouche yn it doarpshûs	21.00 oere
23 febrewaris	finale “it slimste dorp”	

**IT FOLGJENDE KRANTSJE** ferskynt op tongersdei 28 desimber

**KOPIJ YNLEVERJE foar moandei 18 desimber**

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek: [redaksje.doarpsnijs@gmail.com](mailto:redaksje.doarpsnijs@gmail.com)